

BEPPE XENIA

HEIN JAAP
HILARIDES

BEPPE
XENIA

ROMAN

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan de Provinsje Fryslân.

© 2021 Hein Jaap Hilarides | útjouwerij Bornmeer

Omslachbylden Henk Bleeker

Foarmjouwing omslach en binnenwurk Jelle F. Post

Printwurk Wilco, Meppel

ISBN 978 90 5615 731 9

NUR 524

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

Bornmeer is in ymprint fan

20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl

www.heinjaaphilarides.nl

YNHÂLD

Foarwurd 7

DE FLEANTREIN

1919-1940

1. Blyn hynder 10
2. Grajski trg 14
3. Triëst 21
4. De Hitlerputsch 27
5. Revolúsjonêre ideeën 31
6. Nei Hollân 35
7. De Bouckhorst 40
8. Yn it helter 44
9. De brulloft op de pleats 48
10. De himel is tichtsaaid mei stjerren 53
11. *Witte zwanen, zwarte zwanen* 56
12. De oansluting 60

DEI, NACHT EN ALLES

1940-1945

13. De lykskeakeling 65
14. Ungeduld 69
15. In folksfilosoof 75
16. Trije sprekkers 79
17. In *nette* soldaat 82
18. In fod 87
19. Op teebesite 91
20. It wynplak 96
21. In wale fan ûnwissichheid 103
22. Nei Rovščane 107
23. De begraffenis fan ús heit 112
24. Antonia 116
25. It each fan de sinne 120
26. In oare wrâld 124
27. Twa generaasjes 126

28. Klaai en kalk 129
 29. Lucht 134
 30. De Molkestaking 137
 31. Cor de Boer 140
 32. Tinzen op papier 143
 33. Skoppen tsien 147
 34. Frouwe Fortuna 151
 35. Joachim 156
 36. De seânse 160
 37. De dream 164
 38. De kreak 167
 39. Frans Mulder 172
 40. *Dolle Dinsdag* 178
 41. Krystdagen 1944 181
 42. In kopke Tambo 185
 43. It Burmaniahûs 189
 44. As in hjerstkat 194
 45. *Svinerija* 198
 46. Mina 200
 47. De oanslach 206
- ### MILJOENEN FERHALEN
- 1945-1969
48. *De fles is leeg* 213
 49. Befrijingsbal 217
 50. De Cap Arcona 221
 51. De sel fan it busstasjon 224
 52. It each fan de dea 227
 53. Twa ferhalen fan Levi Natkiel 230
 54. Op de Matajur 233

Tankwurd 239

FOARWURD

Nei de dea fan ús heit fûn ik fjouwer ferknûkele skriften yn in ferhúsoaze. It die bliken dat ús beppe in deiboek byholden hie. Ik ha beppe Xenia nooit kend, se is stoarn yn it jier dat ik berne bin.

Beppe hat yn de oarloch in soad meimakke, mar dêr waard yn de famylje nooit oer praat. Ik rekke yn 'e besnijing fan har libben en ha in hiel soad boeken oer dy tiid lêzen en einleas it ynternet ôfstrúnd. Boppedat ha ik wiken yn biblioteken, musea en argiven sitten, en praat mei minsken dy't har kend hawwe.

Dêrnei ha ik de oantekeningen yn de skriften bewurke ta in ferhaal.

Beppe Xenia is grutbrocht yn it Habsburchske Ryk. Har famylje wenne yn de Drava-delte, in fruchtber gebiet om Maribor hinne dat nei de Earste Wrâldoarloch part fan Slovenië wurde soe. Yn 1926 siet pake Freek by Xenia har heit yn de kost om it buorkjen te learen. Sa binne ús pake en beppe mei-inoar yn 'e kunde kommen.

Ik ha ek research dien yn Maribor. Op in neimiddei siet ik op it terraske oan de Drava dêr't pake en beppe as fereale steltsje faak sitten hawwe. Wylst ik in glês wyn dronk yn de hjerstsinne, struide in twirre blêden fan in eskdoarn oer it terras. As losse bledsjes fan in skrift waaiden se de rivier fan it ferjitten yn.

Mar it libben fan beppe Xenia is bewarre yn dizze roman.

F. Wassenaar

Wyngaarden

1 oktober 2020

As it gers is it libben fan de minske

PSALM 103

DE FLEANTREIN

1919-1940

1

BLYN HYNDER

It bloed rint my by de hannen del. As famke ha ik in soad hynsteriden en ik wol it wer opkrije. Yn it doarp wennet in hynstemenner, hy hie in hynder oer. It bist is hiel ûnrêstich, mar hy lústeret goed nei myn stim en ik kin him kalm krije. Mar o wee as der in fûgeltsje skean op in tûke sit, dan rekket er yn panyk.

Oeren ryd ik troch de bosken en oer de berchgreiden fan de Dravadelte, in bytsje fjouwerje. Ik jei it bist bêst yn it swit, de gekheid is der wat ôf. Oant ik hast thús bin en it dier it bit tusken de tosken pakt. Hy docht de kop omheech en set de spurt deryn. As in doldryst hynder jakkeret hy fuort en ik skuor him de bocht om.

Hy sil yn de sleat springe, mar ik set him foar de sleat. It hynder sil der dochs yn, dat hupsakee, de oare kant om. Dan sil er oer it stikeltrie springe, dat ik tink: werom it bosk yn en even fleane. Ik lit de leie komme, ien fan de bûgels knapt. It izer derôf, ik kin alinne noch mar hurd mei de skonken knipe. It dier jakkeret troch en wurdt hieltyd wylder.

Ynienen stoppet hy. Wy kuierje in bytsje en it hynder wurdt rêstiger. Ik set de foet yn it lear fan de stikkene bûgel. Ik ha no wat grip, mar as ik derôf soademiterje, bongelje ik mei myn foet yn it lear en wurd ik achter it hynder oan sleept. Ik ryd fierder mei ien foet yn in bûgel. Ik ha gjin inkel lykwicht. Yn stapgong sette wy op hús oan.

By in pear ûngetiders lûkt er it bit yn 'e bek. De kop en sturt geane omheech en it hynder fljocht op 'e rin en stoot oer de dyk. It lûd fan de hoefizers op de stiennen makket him noch folle gekker. It giet echt need. It hynder draaft yn folle spurt oer de dyk. It ienichste dat ik dwaan kin, is it hynstebit yn 'e bek skuorre. Ik ha it

fel fan 'e fingers ôf.

Foar de pleats giet it hynder yn stap. De hynstemenner stiet mei heit te praten. Ik ha it smoar yn.

Ik spring fan it hynder en rin fuort nei de kraan. Alles leit iepen.

'Wat is der oan, Xenia?' freget de hynstemenner.

Ik fertel him fan de wylde rit. Hy snapt der neat fan. Doe't keizer Frans Jozef yn Maribor wie, hie de happe foar de koets rûn.

In wike letter tref ik de hynstemenner wer.

'Hoe is it mei it hynder?' freegje ik.

'De bistedokter hat him ôfmakke. Hy wie heal blyn.'

*

It is merke yn it doarp en ik tref in soldaat. Hy is mei ferlof. Dietrich is in lange, kreaze fint. Syn steile swarte hier hat er mei pommade strak nei achteren kjimd. De glêde kûp glânzet fan de oalje.

Yn de oarloch siet er yn de rinuorgen. Dietrich hat twa kear in kûgel yn de bilbonke hân. Dêrtroch wie syn skonk ynienen santjin sintimeter koarter. Se hawwe him operearre en it ferskil tusken beide skonken werombrocht nei fiif sintimeter. Letter kriich er noch in skot yn it skouder.

Dietrich hat grutte, trouwe eagen mei in fûle donkerbrune twinkeling. Soms sjocht er my fernuvere oan. Ik wol der net oan tinke dat hy minsken deamakke hat. It is feest en hy sjocht der goed út. Wy drinke wat en ik prakkesearje nearne mear oer. Hy nimt my mei him mei yn 'e sweef en wol my thúsbringe. Ik wol dat net, mar hy stiet derop.

'Ik bin hjir,' seit er, 'mar ik hie der net mear wêze moatten. Ik ha trije kear út 'e tiid west. De dea hat my allinne net ophelle. Op it iene skouder ha ik in duveltsje en op it oare in ingel.'

Ik wol sizze dat ik it lêste stik allinne wol rinne kin, mar ik krij it net út 'e mûle en wy jouwe ús del yn in greide oan de Drava. Hieltyd draait er de linkerside fan de holle fan my ôf; dêr hat er in lange groede.

De maitiidssinne brânt ús op 'e lea. It is gleonhjit, de hynstebloemen litte de kopkes hingje. De wyn hâldt de azem yn. De loft foar de gerzen, de reiden en de blêden fan de beammen trillet fan de waarmte. Nei in lange winter mei bulten snie bloeie de blommen as yn in wylde tún.

'Ik moat oan myn bernejierren tinke,' seit Dietrich. 'Ik ha in prachtjeugd hân. Us heit siet yn de direksje fan in grut boskboubedriuw en wy wennen yn in filla yn it bosk. Foar de oarloch studearre ik boukunde. Us heit en pake wienen polityk aktyf en myn bruorren hawwe ek fochten. Us famylje leaut yn it Grut-Dútske Ryk, dat is al generaasjes sa. Nei de oarloch skuorden studinten myn guod oer de kop en ik luts myn pistoal en bedarre yn de finzenis. Sa hite it heitelân my wolkom.'

Wy lústerje nei it lispeljen fan it streamende wetter. Oare kant de rivier sjoch ik in reade blom. Hy hat wat fan in anjer.

'Sjochst dy blom?' freegje ik.

'Dy helje ik foar dy op,' seit Dietrich.

'Hoe?'

'Ik swim nei de oare kant.'

'It wetter is iiskâld.'

'Och, wat soe dat no?'

Hy draaft nei de rivier en dûkt deryn. As in gek klaut er nei de oare kant. De stream is sterk. Lytse wieltsjes topje mei de stream mei troch it wetter. Fyftich meter de rivier del klimt er op 'e wâl. In wite stienbok skrikt op en draaft fuort. Dietrich plôket de blom, hâldt him yn de loft, slacht de miggen fan him ôf en wâdet troch it hege gers nei it wetter. Mei de blom tusken de tosken swimt er werom. De stream liket noch wol sterker. Ut alle macht slacht er yn it wetter om. Wylst er nei azem hapt, falt de blom him út 'e mûle.

Achter de pûst jout er him neist my del.

'Do wolst dea foar neat,' sis ik.

Hymjend seit Dietrich: 'Do bist net neat, hear.'

Myn gesicht lûkt strak. Ik doch de holle foaroer en slaan de eagen op. Yn it brún fan syn eagen ferskine ljochtsjes fan wille.

‘Dyn eagen hawwe de djippe en it mystearje fan de Drava,’ seit er. Ik glimkje ûnwennich en slaan de eagen wer del. Miggen gûnzje, in fûgel kryt, in koeltsje suchtet troch de beammen.

‘Ik soe hjir altyd wol sitte kinne,’ seit er.

‘Ja ja,’ sis ik.

Ik bin dermei oan. Ik sil oerein en nei de rivier rinne. Hy sjocht my oan en dan bin ik ferlern.

2

GRAJSKI TRG

It is seis jier letter, de maitiid fan 1926. Wy meane de klaver en in arbeider hinget op 'e seine. Hy hellet de piip út 'e mûle en ropt: 'Freek!'

'Ja?'

Freek is in boeresoan út it noarden. Hy sit in jier by ús yn 'e kost om by heit it buorkjen te learen.

Freek giet krekt sa stean as de man dy't him ropt.

'Kenst dizze al?'

De arbeider hat in mop.

'Der steane twa manlju oan 'e bar. "Ik snij alle knopen fan dyn klean ôf," seit de iene man. "As ik se der yn twa minuten net wer oannaaid ha, krijsto in pot bier fan my."

"Dat moat altyd wêze," seit de oare man.

De earste man snijt alle knopen fan de oare man syn klean ôf. Dy stiet dêr heal yn de bleate bast en mei de broek op 'e knibbels.

"Och, ferrek ek," seit de earste man. "It slagget my net. Hjir hasto dyn bier."

De manlju yn it fjild laitsje. De seinen steane stil. De arbeiders ferwachtsje in mop fan Freek, mar hy sjocht nei my. Ik krij in kleur. Syn griisblauwe eagen laitsje my oan en wy hawwe de measte wille. De arbeiders draaie har om, helje de seine wer troch de klaver en litte it mar sa.

Freek is in fantast. Myn hûd is brún fan de sinne en hy neamt my 'de donkere prinses' of *reine du ferme*, keningin fan de pleats. Hy mei dan graach pronkje mei syn skoalfrânsk, by natuerkunde hat er ek net sitten te sliepen.

‘Dyn massa oermasteret my,’ seit er op in kear. ‘Ik krij sa’n enerzjy fan dy. Dyn dieltsjes sette my yn beweging.’

Ja ja, wat er der net allegear útkreamet: ‘Do bist myn stoere skatse, myn handige hynsterydster,’ en sa giet it mar troch. Ik wurd der gek fan. Mar as er in hoartsje stil is, wol ik graach dat er wer begjint.

Dy earste moannen dat er by heit wurket, komt der gjin ein oan syn manierkes om wurk fan my te meitsjen. Ik jou net ta, heit hat my warskôge. Hy is bang dat er syn dochter noait wer werom sjen sil. Ik doch der alles oan om it gefoel tsjin te hâlden, mar dat hat net allinne mei de wurden fan heit te krijen. Der is noch wat, mar dêr wol ik it no net oer hawwe.

*

Us doarp leit fyftjin kilometer fan Maribor. Yn de oarloch is yn Rovščane in stikstoffabryk boud. Se meitsje dêr keunstdong en dynamyt. De stroom foar it gemyske fabryk komt fan de nije wetterkrêftsintrale. Oare minsken yn it doarp wurkje yn de houthannel of yn ien fan de glêsfabriken. Us heit en mem hawwe in pleats en lykas de measte minsken yn Rovščane binne se katolyk.

Nei de legere skoalle gean ik nei de *Bürgerschule*. Op in klassefoto ha ik in donkere jurk oan mei in kraachje. Stikke skreven rinne fan boppen nei ûnderen. De skieding yn it hier ha ik rjochts, oan beide kanten fan de holle hâldt in troedeltsje myn earen bedutsen. Myn lippen stekke wat nei foaren en fan myn noasters rinne twa heuvelrêchjes nei de mûle, as skoarje se myn fine noas.

Ik sjoch earnstich yn de kamera. De Grutte Oarloch is krekt foarby en Kristoff is net weromkommen. Myn âldste broer is troch in granaat rekke.

Wy sitte mei de famylje oan de lange tafel. Heit, mem, Jure, Elise, Slavka, Freek en ik. Yn it doarp sil wer in glêsfabryk slute en de jongerein lûkt nei de stêd want dêr is it wurk. Jure wol plysjeman

wurde. ‘De wrâld is grutter as ús doarp,’ seit er. Jure soe de pleats oernimme, mar ús jongste suske Slavka wol boerinne wurde en Jure kin der dan foarwei. Hy hat him oanmeld op it plysjeburo fan Maribor.

Freek sit op it plak fan Kristoff. De stoel hat jierren leech west, mar no’t Freek dêr sit, is it krekt as is Kristoff der wer. Heit fielt dat tink ek sa. Hy praat oer de tiid fan it Habsburger Hûs, doe’t de hiele maatskippij militarisearre wie. Heit en mem binne grutbrocht ûnder de oerhearsking fan de Eastenrikers. Heit fertelt dat er mei mem nei Wenen west hat.

Se wienen krekt troud en hienen net folle mear fan de wrâld sjoen as Maribor. Se hienen har de eagen útsjoen: de grutte warehuzen mei it djoere guod, de brede strjitten, de Stephansdom, de Heldenplatz en de paleizen mei de moaie tunen. En se hienen de Belvédère sjoen, it simmerpaleis fan de keizer mei de dakken yn de foarm fan Turkske legertinten.

‘Yn Wenen strielde alles de grandeur fan in grut ryk út,’ seit heit. ‘En ynienen loste it Habsburger Ryk yn it neat op. Dútslân, Hongarije en de Eastenrikers binne hurd straft. Dit stik fan Stiermarken is fan Eastenryk ôfpakt.’

‘Wy binne no sels baas,’ seit Jure.

Heit is altyd like rêstich en evenredich, mar as it oer polityk giet, wurdt er sa fûl as in foarke.

‘Sels baas?’ seit er lilck. ‘Wy binne part fan it keninkryk fan de Serven, Kroaten en Slovenen. Wy steane op in krúspunt. In soad Dútsers binne ferhuze, oaren binne ferdreaun, en de rest hat net folle mear yn te bringen.’

Net ien oan tafel doart tsjin heit yn te gean. It soe derop delkomme dat Kristoff om ’e nocht stoarn wie. Wy, de oare bern, krije it nije Sloveenske nasjonalisme mei. Heit is opgroeid yn de Habsburger tiid, mar as hy foar Eastenryk fjochtsje moatten hie, hie er tink ik wol oars praten.

Yn it begjin fan de oarloch rôpen de Habsburgers de totale mobilisaasje út, en Kristoff moast it leger yn.